

Bûtenpost!

Tsjebbe & Henny sille, simmer 2019, nei Mecklenburg-Voor-Pommeren mei fakânsje. Se prate neat ôf, se geane op'e dolle rûs. Yn har winkel, Dropshop Liquorice, ferteld se oan guon klânten dat se nei it eardere Oast-Dútslân mei fakânsje sille. Henny wit dat der ferskeidene minsken en dûmny's, fan de -doe noch Grifformearde- tsjerke fan Bûtenpost nei Marlow west ha. Om der mei te helpen oan de (fer)bou fan de tsjerke(gebouwen). Dat wie noch foardat de muorre delhelle is, Die Wende. It soe moai weze as se der de sneins nei it tsjerke kinne. Wa wit, as der noch foto's út dy tiid binne as dat immen noch wit, dat der minsken út Bûtenpost west binne.

Saterdeis, as se om sliepplak sykje, sjogge se op ferkearsbuorden wol Marlow stean, mar it sliepplak is yn Albertsdorf, in lytse 30 kilometer fierderop. Se sykje op ynternet, as der ek in tsjerke is wer op sneintemoarn in tsjerketsjinst is. Mar dat fâlt noch net mei. Henny freget by de baalje, yn har 'steenkolen-Duits', as der ek in Gottesdienst yn de buert is. De baaljemeiwurkster wit dat der de iene wyks yn Volkenshagen en de oare wyks yn Bentwich preek is. Mar se komt allinnich noch mar mei 'Weihnachten' yn it tsjerke, dat se wit net hokker fan de beide tsjerken moarn 'oan bar' is. Sneintemoarn, nei it moarnsbrochje, sette se, op goed gelok, ôf nei Bentwich. De 'Evangelisch – Lutherische Kirchengemeinde Bentwich – Volkenshagen' tsjerke stiet oan in trochgeande wei, mar der 'is gjin flecht op'e koai'. Dat Tsjebbe seit: sjoch do mar, dan sjoch ik by dat oare gebou (skean oer de wei, blykt letter dat dat sealen binne, fan de tsjerke). Henny rint fia de Friedhof, nei de oare kânt fan de tsjerke út de 14^e iuw. De doar sit krekt oan de efterkânt. Se fielt oan de, tige swiere doar, en ja, de doar jout mei. Efter út de tsjerke komt it lûd fan minsken dy't groetsje. Henny freget as der om tsien oere Gottesdienst is, en dat beame se. Wir kommen spater! Se docht de doar ticht en siket Tsjebbe op. " Wy binne by de goede tsjerke", ropt Henny.

Fanwege dat se sa betiid binne, meitsje se earst noch wat foto's fan de moaie tsjerke, dy op in 'terp' stiet.

Se rinne nei binnen. Der steane trije minsken te praten. Se meitsje in praatsje mei harren. De frou hat wolris yn Ljouwert west fanwege in sportefenemint. Twa mânnen sizze dat se fuortgeane, mar wol weromkomme, se moatte de klokken liede. Dy sitte yn in soarte fan toer, dy njonken de tsjerke stiet. De frou blykt de organiste te wezen. Se meie oerâl sitten gean, der binne gjin fêste plakken. Der komt noch in mân mei in jonkje en noch trije oare tsjerkegongers. Ek de twa mânnen komme werom fan it kloklieden. Dûmny komt as leste, hielendal allinnich yn it tsjerke. Sa sitte der mar âlve minksen yn't tsjerke. Fan dûmny syn ferhaal kriget Henny net folle mei. Tsjebbe kin it Dútsk wat better folgje. De ferskes kinne se wol goed mei-sjonge. It binne oer it generaal bekinde wizen. It jonkje rint nei foaren, pakt in ponkje en begjint te kollektearjen. It blykt dat, bûten de twa toeristen, der eins mar trije tsjerkegongers yn it tsjerke sitte, dy 'net yn funksje' binne.

As der songen wurd, giet dûmny eltse kear yn 't tsjerke sitten.

Nei ôfrin fan de tsjinst, binne se as earsten by de doar. Tsjebbe jowt dûmny in hân en seit: "Goeie snein dûmny"! (Yn alle tsjerken – yn it bûtenlân- winsket Tsjebbe eltse dûmny yn it Frysk in goeie snein ta).

Dûmny seit: "Warte, warte!"

Neidât alle minsken út de tsjerke binne, seit er: "Woher kommen sie"? Aus Niederlande, Friesland. Kommen sie aus Groningen? Nein, aus Friesland. Seit dûmny: Buitenpost!?!

Ja, seit Henny, ich kom aus Buitenpost! Binne se mear as 500 kilometer fan hûs en dan seit er sa mar immen Bûtenpost. Kommen Sie fon Marlow?" Nein. Mar hy hat destiids wol meiholpen. Hy neamt ferskeidene nammen dy't Henny, op ien nei, allegearre wol kin. Net te leauwen soks! Blykt dat

dûmny wolris yn Bûtenpost oernachte hat. Hy freget, as se wol de groeten fan Günther oerbringe wolle. Dat sizze se ta, mar Henny wol wol mei de dûmny op de foto en dat wol er wol. Kin se dat sjen litte as se werom binne yn it heitelân.

Op ien Marlow-gonger nei, fûnen se it allegearre in hiel spesjaal ferhaal! En dêrom ha wy dizze belibbenis ek oan it Frysk Deibléd skreaun.